


Skrivwe
yn Styl!



De sjoernalist

IMO





Skriuwe yn Styl set yn op de ferbettering fan skriuwfeardigens. It bestiet út in set fan tematyske lessesearjes mei byhearrende taalrûntes. Skriuwe yn Styl behannelet in folslein oanbod oan stylgrepen en techniken dy't relevant binne om skriuwprestaasjes op alle tekstnivo's te ferbetterjen.

Foar jo leit de searje foar de sjoernalist. Yn trije lessen leare learlingen techniken dy't se by sjoernalistike teksten brûke kinne. Mei de twa meartalige taalrûntes bringe sy wat hja leard hawwe fuortendaliks yn 'e praktyk.



Kolofon

Dizze útjefte is ta stân kommen yn it gearwurkingsprojekt Ynspirearjend Meartalich Underwiis fan it Lectoraat Meertaligheid en Geletterdheid oan NHL Stenden Hogeschool en Cedin.

Idee, tekst en ûntwerp: Sigrid Kingma en Klarinske de Roos

Twadde printinge 2023

www.inspirerendmeertaligonderwijs.nl

Ynhâld

Hânlieding en eftergrûnynformaasje.....	4
Les 1 Knappe kop.....	6
Les 2 Publykskriuwe.....	7
Les 3 Sintugen.....	8
Gearfetting.....	9
Taalrûnte 1 It lêste barren.....	10
Taalrûnte 2 Untdekking.....	12
Ferdjipping.....	14

Hânlieding foar de learkrêft

Skriuwe yn styl: De sjoernalist

Foar jo leit de searje foar de sjoernalist. Dy bestiet út trije lessen, kar út twa taalrûntes en in opsjonele ferdjipping.

Let op: De lessen komme inkeld ta har rjocht by goed gebrûk. Lês dêrom earst de hiele hânlieding, en it lesmateriaal goed troch foarôfgeand oan gebrûk yn de klasse.

Opbou

De lessen binne hieltyd op deselde manier opset. De yntroduksje en it diel 'Ferkenne' is bedoeld om klassikaal te behanneljen. Learlingen kinne dêrnei yn groepkes (3-4 learlingen is optimaal) fierdergean mei it diel 'Utlis' en 'Opdracht'. Beprate en evaluearje kin wer klassikaal. It antwurdfel is te finen op www.inspirerendmeertaligonderwijs.nl.

It ûnderdiel 'ferdjipping' giet oer it werkennen fan de techniken yn in besteande tekst. Dat ekstra ûnderdiel is bedoeld foar learlingen dy't de techniken gau troch hawwe en mear útdaging brûke kinne. De ferdjipping kin yn twatallen of yn groepkes útfierd wurde. De byhearrende taalrûntes slúte oan op de lessen. De oefening dy't de taalrûnte biedt is krusjaal om de skriuwtechniken yn de fingers te krijen en slút de searje passend ôf mei in publikaasje. It is wichtich dat yn alle gefallen ien taalrûnte nei de styllessen útfierd wurdt, mar it is hiel goed mooglik om beide taalrûntes te dwaan. Kontrolearje by oanfang fan in taalrûnte oft de kennis fan de oanlearde techniken hingjen bleaun is. De gearfetting tsjinnet as helpmiddel om werom te ferwizen nei de oanlearde techniken. Foar in bliuwende learopbringst is it handich om geregeldwei by skriuwopdrachten te ferwizen nei in technyk dy't foar dy tekst relevant is.

Ynfolling

Ofhinklik fan de ynfolling fan Frysk op skoalle, kin Skriuwe yn styl fleksibel ynset wurde.

1: Oer trije opefolgjende dagen ien les behannelje, en de fjirde dei in taalrûnte.

2: Ienris yn de wike in les op in kreatyf oere, en de fjirde wike in taalrûnte.

Kearndoelen

De feardichheden lêze, ferstean en skriuwe komme oan bod. Frysk praten wurdt oanmoedige, mar net ferplichte. It Frysk dat brûkt wurdt yn de ynstruksje, is frij dreech. De dekking foar it lêsoanbod sit dêrmei op A-nivo. De puer Fryske skriuwopdrachten yn de lessen binne ienfâldich. It giet dan om it manipulearjen fan besteande sinnen, net om it sels produsearjen fan tekst. Wannear't learlingen sels skriuwe moatte, mei de opdracht yn in foar har fertroude taal útfierd wurde. Foar in folsleine dekking op A-nivo foar it oanbod skriuwen folstiet it om by de byhearrende taalrûnte it Frysk as skriuwtaal te kiezen.



Eftergrûnynformaasje

Ynset Meartalige Taalrûnte

Mei de meartalige taalrûnte passe de learlingen itjinge dat se niis leard hawwe ta op in tekst dy't se sels skriuwe. It is wichtich om de learlingen romte te bieden om har teksten te ferbetterjen én ferfolgens te publisearjen.

Oandachtspunten foar it útfieren fan de meartalige taalrûnte:

De stappen fan de taalrûnte binne folslein útskreaun yn de lesbeskriuwings. Wolst dyn learlingen benammen yn it Frysk skriuwe litte? Dan kinne alle stappen yn it Frysk útfierd wurde. Wolst krekt romte biede oan oare eigen talen fan de learlingen of sels de kar jaan foar it gebrûk fan in taal? Dan joust by eltse stap oan yn hokker taal oftst ferwachtest dat learlingen reagearje, mei inoar oerlizze, of skriuwe.

Om't skriuwe mei help fan de taalrûnte in sosjaal proses is, is it oan te rieden om letterlik yn in rûnte te sitten. Wannear't learlingen it skriuwark ree hawwe sadat se, yn de rûnte sittend, al begjinne kinne mei it skriuwen fan de tekst, wurket dat posityf op de flow fan it proses. Ta ôfsluting fan de earste skriuwfaze litst in pear learlingen foarlêze wat se oant no ta opskreaun hawwe. Op in oar momint joust de tiid om de tekst ôf te meitsjen en de tekst te revisearjen.

It revisearjen fan in tekst:

By it werskriuwen ûntstiet pas echt skriuwûnderwiis. It revisearjen moat net te lang neidat de tekst skreaun is plakhawwe, mar wol op in oar momint as dat de earste ferzje skreaun is. Kies in tekst út dy'tst mei learlingen beprate wolst. Freegje altyd om tastimming oan de learling. De skriuwer bliuwt fansels eigner en beslist úteinlik sels oft de foarstelde feroarings wol of net winske binne.

By it klassikaal redigearjen beheinst dy ta in pear besprekpunten: de skriuwtechniken dy't yn de trije lessen behannele binne. Ast op tefolle punten letst, wurdt it te lang en ferlieze learlingen it oersjoch. Set de besprekpunten op it boerd en jou wêr nedich noch wat praktyske oanwizings hoe'tst tips en tops joust. Stavering en ynterpunksje komme noch net oan bar, it giet ynearsten om de ynhâld: is de tekst goed lêsbere, rint it noflik? Nei in koart besprek fan in pear oandachtspunten kinne de learlingen yn twatallen oan de gong mei har eigen teksten.

It publisearjen fan de tekst:

De lêste fase is publikaasje. Learlingen kinne yn twatallen wurkje oan einredaksje: stavering, ynterpunksje en haadletters neirinne. Tink goed nei oer mooglikheden om de teksten fan learlingen te publisearjen. Krekt dat makket it skriuwen betsjuttingsfol! Bygelyks:

Tydskrift

Dichtbondel

Portfolio

Webside

Skoalkrante

Posters



Les 1: Knappe kop

Sjoernalisten skriuwe foar kranten en tydskriften. Dy moatte ferkeapje. In goede titel lûkt de oandacht. Wa't de knapste kop hat, wint lêzers!

Ferkenne

Sjoch nei de ûndersteande koppen.
Bepraat mei inoar: Hokker falt it meast op?
Binne it beide goede koppen? Wêrom (net)?

As se my freegje soenen...

"Hiel Fryslân moat oan de brokkoly"

Hâld de kop koart! Yn in titel is gjin plak foar útlis of nuânse. Dat kin yn it artikel sels wol.

Alle artikels hawwe in unike kop. Brûk nooit deselde kop as in oar. Net ien wol in kopykop lêze!



Utlis

In kop makket dúdlik wêr't it artikel oer giet. In goede kop makket ek nijsgjirrich. Hoe dochst dat? Mei fraach en útrop. Twa trúkjes:

- 1: Rop in fraach op
- 2: Oerdriuw



In tredde manier om oandacht te lûken is in bekende namme neame yn de titel. Dat kin net altyd, mar às it kin, dogge sjoernalisten it mar al te graach. Súkses fersekere!

Opdracht

Stel datst in tekst skriuwst oer it bêste drinken op de wrâld.
Betink in geskikte kop dy't nijsgjirrich makket.
Ferlykje dan mei in klasgenoat. Hoe ferskille jim koppen?
Ha jim op deselde manier de oandacht lutsen of elk in ferskillende oanpak brûkt?
Wa hat de nijsgjirrichste titel betocht?

Klear? Lokwinske, do hast in knappe kop! Noch twa leskes en dan kinst skriuwe as in sjoernalist!
Ast ris in stikje foar de skoalkrante skriuwst, tink dan oan de techniken foar in treflike titel.



Les 2: Publykskriuwe

In tekst moat presys passe by de persoan der't er foar bedoeld is. Dat is dreech, sjoernalisten hawwe dêr in helpmiddel foar.

Ferkenne

Lês ûndersteande sinnen.
Hoe ferskille sin 1 en sin 2 fan inoar?
Hokker sin sprekt dy it meast oan?

1. *Let op, ik doch no in keunstje.*
2. *Attinsje foar de folgjende act.*

Makkest in persoan troch fjouwer basiseigenskippen yn te foljen:

Leeftyd:
Geslacht:
Hobby:
Namme:

Dan betinkst trije dingen dy't dy persoan hjoed dwaande hâlde.



Utlis

Alle sjoernalisten hâlde in tinkbyldige persoan yn de achterholle as se skriuwe. Tydskrift Libelle hat sels in skoft in kartonnen boerd fan 'Ellen' op de redaksje stean hân. Dy persoan helpt dy by it kiezen fan de goede styl en oansprekfoarm, mar bepaalt ek wêr'tst oer skriuwst. Rekken hâlde mei dyn lêzerspublyk is it allerwichtichst as sjoernalist.

Sa'n tinkbyldige persoan soe elkenien betinke moatte foarôfgeand oan it skriuwen. Hoe mear ynlibbing, hoe better, mar mei fjouwer eigenskippen hast in aardige rjochtlie.

Opdracht

Stel datst in tekst skriuwst oer it bêste drinken op de wrâld.
Betink hoe't dyn publyk derút sjocht. Wa is dyn lêzer?
Meitsje in tinkbyldige persoan dy't dy tekst lêze wolle soe.

Ferlykje inoars persoan mei inoar. Wat hawwe se mienskiplik?
Hoe ferskille se? Hoe sil dat ferskil ynfloed hawwe op de tekst?

Klear? Lokwinske, do kinst dy ynlibje yn dyn publyk!
Noch ien leske en dan skriuwst as in sjoernalist.



Les 3: Sintugen

In echte sjoernalist kin dy sa yn in ferhaal meinimme dat it krekt liket as bist der sels by. Nei dizze les kinst sels ek sa skriuwe!

Ferkenne

Lês ûndersteande rigels. Skriuw op wat opfalt.
Oerlis: Wêr is de persoan? Hoe kinst dat witte?
Wat kinst der noch mear oer sizze?

It lûd fan swiere fuotstappen op 'e trap makke dat Izaak begûn te triljen. Mem hold him beet. Se lei har holle op syn holle. Hy rûkte har waarme hûd. It bûnzjen fan harren herten fulde it lytse ferstopplak. Izaak fiede hoe stiif oft mem de earms om him hinne hie.

(Fragmint út de roman Hero fan Martha Attema)

Observaasjes freegje om opsmuk.
Net altyd like fris, mar wol effektyf.

Dus net sa:
'Jan poetst syn toskan net goed.'

Mar sa:
'Jan hat âlde bôle tusken syn giele toskan sitten.'



Utlis

Erfaringen binne sterker as mieningen, en in ferhaal bliuwt better hingjen as in útlis.
Skriuw op wat dyn eagen sjogge, wat dyn noas rûkt, wat dyn earen hearre.
Kinst lêzers pas meinimme en oertsjûgje as se harren der wat by foarstelle kinne.
Oftewol: skriuw sintúchlik. Lit elkenien sjen en fiele watst bedoelst.

Opdracht

Pak pinne en papier, en sykje in plakje yn it lokaal, op it plein of yn de gong.
Beskriuw yn fjouwer minuten wat der om dy hinne bart.
Minút 1 skriuwst op watst sjochst.
Minút 2 skriuwst op watst hearst.
Minút 3 beskriuwst watst rûkst.
Minút 4 beskriuwst watst fieltst.

Wikselsje fan tekst mei in klasgenoat. Hoefolle sintúchlike waarnimmings kinst fine?
Pak in oare kleur pinne of potlead en set in 1 (sjen) 2 (heare) 3 (rûke) of 4 (fiele) boppe de sin op alle plakken der'tst ien fine kinst.
Betink dan in knappe kop foar de tekst dy'tst krigen hast.

Klear? Lokwinske, do kinst skriuwe as in sjoernalist!



GEARFETTING

Les 1: Knappe kop

Lûk de oandacht mei in opfallende titel.

Komkommers yn opspraak. → Siik fan komkommers?

Les 2: Publykskriuwe

Pas styl en ynhâld oan op in spesifike lêzer.

Leare is net altyd maklik. → Groep 7 is swier bagger.

Les 3: Sintugen

Skriuw belibjend watst sjen, hearre, rûke of fiele kinst.

It is der moai en rêstich. → It is fol roazekleur en fûgelsang.



Taalrûnte 1: It lêste barren

Let op: de lesbeskriuwing dy't no folget, is bedoeld foar de learkrêft!

Doelen fan de les	De learlingen skriuwe in nijsberjocht nei oanlieding fan in resinte nijsweardich barren by harren yn de buert dat learlingen sels meimakke hawwe. Dat kin in doarpsfeest wêze, in toernoai, in skoalreiske of in projekt der't de skoalle oan meidien hat (boekewike, poëzywike, foarlêsbroschje).
Materiaal	Papier en pinne

1. Introdusearje it ûnderwerp troch in fraach foar in koart rûntsje	Freegje learlingen om ien ding te neamen dat se ûntholden hawwe fan in bepaald barren (sjoch foar opsjes hjirboppe), lit learlingen mei ien of in pear wurden reagearje, tempo deryn hâlde.
2. Introduksje ûnderwerp	We sille hjoed in nijsberjocht skriuwe oer it barren. Mooglik fertelst as learkrêft wat út eigen ûnderfining, neamst it pear spesifike dingen. <ul style="list-style-type: none">• Knappe kop• Publykskriuwe• Sintugen
3. Koarte fertelrûnte n.o.f. startfraach (maksimaal trije bern fertelle litte)	Ferbyn ek mei de styllessen dy'tst jûn hast en jou oan dat learlingen itjinge dat se dêr leard hawwe, no brûke kinne
4. Opdracht foar (teken)listje meitsje	Meitsje in listje fan de wichtichste punten dy'tst yn dyn nijsberjocht weromkomme litte wolst.



<p>5. Opdracht foar twatalpetear</p>	<p>Fertel dyn maatsje mei help fan dyn notysjes oer it ferhaal datst yn dyn artikel skriuwe silst. Binne der noch mear dingen dy'tst brûke wolle soest, skriuw se direkt op! Dyn maatsje harket goed nei dy en jout feedback:</p> <ul style="list-style-type: none"> • Is it nijsgjirrich genôch? • Kinst it as in soart filmke foar dy sjen? <p>Dyn maatsje stelt fragen en jout tips. Wat bedoelst dêr presys mei? Heart dat der wol by? Wolle oaren dat witte?</p> <p>Dêrnei wikselje!</p>
<p>6. De skriuwopdracht en oan de gong</p>	<p>Skriuw it artikel! Brûk de tips út de lessen dy'tst krekt hân hast en watst fan dyn maatsje heard hast.</p>
<p>7. Foarlêsrûnte</p>	<p>Lit 2 of 3 bern foarlêze wat se (oant no ta) skreaun hawwe.</p>



Taalrûnte 2: Untdekking

Let op: de lesbeskriuwing dy't no folget, is bedoeld foar de learkrêft!

Doelen fan de les	De learlingen skriuwe in blog (in online artikel der'tst dyn persoanlike ûnderfiningen en opdiene kennis yn dielst) oer it ûnderwerp fan ierdrykskunde (of skiednis of biology of..) der't se de ôfrûne tiid mei dwaande west ha.
Materiaal	Papier en pinne
1. Introdusearje it ûnderwerp troch in fraach foar in koart rûntsje	De ôfrûne perioade ha we in soad leard oer ... (neam it ûnderwerp). Wat foar nije ûntdekking hasto dien oer dit ûnderwerp? Wêr witsto no in protte fan?
2. Introduksje ûnderwerp	We sille hjoed in weblog artikel, ofwol in blog skriuwe oer it ûnderwerp der't jim no in soad oer witte. Mooglik fertelst as learkrêft wat út eigen ûnderfining, of komst werom op in tekst dy't behannele is yn it ramt fan it ûnderwerp. Ferbyn ek mei de styllessen dy'tst jûn hast en jou oan dat learlingen itjinge dat se dêr leard hawwe, no brûke kinne. <ul style="list-style-type: none">• Knappe kop• Publykskriuwe• Sintugen
3. Koarte fertelrûnte n.o.f. startfraach (maksimaal trije bern fertelle litte)	Wa wit al wat der yn de blog komme sil? Wêr moat it benammen oer gean?
4. Opdracht foar (teken)listje meitsje	Meitsje in listje fan de kopkes foar alinea's dy'tst yn dyn blog weromkomme litte wolst. Tink nei oer wa't dyn blog lêze sil en betink wat dy persoan nijsgjirrich fynt.



<p>5. Opdracht foar twatalpetear</p>	<p>Fertel dyn maatsje oer de ûnderwerpen fan de ferskillende alineas. Dyn maatsje harket goed nei dy en jout feedback:</p> <ul style="list-style-type: none"> • Binne de keazen ûnderwerpen nijsgjirrich? • Hawwe alle alineas in eigen ûnderwerp? <p>Dyn maatsje stelt fragen en jout tips. Lûkt dy kop goed de oandacht? Wolle oaren dat witte? Wat wolst earst fertelle.</p> <p>Dêrnei wikselje!</p>
<p>6. De skriuwopdracht en oan de gong</p>	<p>Skriuw de blog! Dat kin earst op papier. Brûk de tips út de lessen dy'tst hân hast en watst fan dyn maatsje heard hast.</p>
<p>7. Foarlêsrûnte</p>	<p>Lit 2 of 3 bern foarlêze wat se (oant no ta) skreaun hawwe.</p>



Sjoernalist yn 3 lessen

Ferdjipping

Sjoernalistike techniken komst ek tsjin by it medium film. Besjoch ûndersteande *thumbnails* en bepraat se mei-inoar.

Lûkt it populêrste filmke ek it bêste de oandacht?

Hokker filmke lûkt it measte dyn oandacht? Wêr komt dat troch?


Soest ien fan de filmkes sjen wolle?

Sjochst earst nei it ûnderwerp of nei it plaatsje? Of nei de makker?

Hoe kin it, tinkst, dat guon filmkes heech skoare, en oaren leech?

Hokker plaatsje lit it bêste sjen wêr't it filmke oer giet?



 Hunga Tonga Volcano Eruption Update; An Unexpected Eruption
GeologyHub
226K weergaven • 3 dagen geleden



 Tibetan Artist is a Master of the Ancient Technique of Cloisonné Wit...
Goldthread
302K weergaven • 11 dagen geleden



 nijntje maakt een sneeuwkonijn | nijntje | tekenfilmseries voor kinderen
nijntje
55K weergaven • 1 jaar geleden




 HOW TO MAKE NAAN BREAD AT HOME! NO OVEN NEEDED! SIMPLE...
Latifs Inspired
1,8 mln. weergaven • 1 jaar geleden



 Inside Tokyo's WEIRDEST TINY APARTMENT
Tokyo Lens
5,7 mln. weergaven • 1 maand geleden



 Growing Watermelons From START TO FINISH - Tips and Tricks and...
TheKwiGrower
501K weergaven • 1 jaar geleden

Opdrachten

- Gean foar elk filmke nei hokker taktiken brûkt binne foar de titel en it plaatsje:
 - 1 Ropt in fraach op.
 - 2 Is gek of oerdreaun.
- Foar wat foar publyk en hokker leeftyd is elk fan de filmkes bedoeld?
- Hoe makket de skriuwer/filmmakker by elk filmke gebrûk fan de sintugen?
- Is der noch in oare taktyk brûkt om sjoggers te krijen?
- Trije filmkes hawwe in te lange titel. Betink dêr in bettere koarte titel by.





Skriuwe yn Styl makket diel út fan Ynspirearjend Meartalich Underwiis en kin hiel goed kombinearre wurde mei de oare projekten fan dy line, bygelyks de Inktfluencer. De taalrûnte kin ek los fan de lessen van Skriuwe yn Styl ynset wurde by fierdere skriuwopdrachten. Sjoch foar mear ynspiraasje en lessen op www.inspirerendmeertaligonderwijs.nl.

Mei Skriuwe yn Styl hast in prachtige oanpak om Frysk en meartaligens op in natuerlijke manier te yntegrearjen in it ûnderwiisprogramma. De techniken kinne taaloerstiigjend tapast wurde by al it fierdere skriuwen.

De lessen fan Skriuwe yn Styl en de bypassende taalrûntes binne sa beskreaun datst der as learkracht fuortdaalk mei oan de gong kinst. Wolst mear dwaan mei de taalrûntes, dan kinst dêr stipe by krije. Sjoch dan by it projekt 'Meartalige Taalrûnte'.

© 2023, Lectoraat Meertaligheid en Geletterdheid,
NHL Stenden Hogeschool
Rengerslaan 8-10, 8917 DD Ljouwert
lectoraatmg@nhlstenden.com
ISBN 9789082883732

De útjefte is mei tastimming frij te brûken foar edukative doeleinen.
Neat út de útjefte mei oerset of kommersjeel ferspraat wurde.

